

SMIDTE

- 57ste jiergong
- nûmer 1
- simmer 2023

- FA-ria 02
- Utjeften 05
- Personalia 06
- Projekten 08
- Wurkferbannen 12
- Weromsjen 13
- Aginda 14

Komme jo
ek op ús
feestlike
Akademy-
dei?

→ Op freed
8 septimber



Fan de direkteur-bestjoerder

Mei de earste fysike nijiersresepsje sûnt de koroanatiid, hawwe meiwurkers en relaasjes yn in noflikke sfear 2023 ôftrape. Der is stilstien by it feit dat de Akademy yn septimber 85 jier bestean sil en ek dat wy dit jier trochbouwe sille oan ús wurk en de ambysjes út ús *Strategysk Beliedsplan*. Tagelyk sette wy yn op in moaie nije Bestjoersôfspraak Fryske Taal & Kultuer, mei rolfêstens foar organisaasjes en in ûnôfhinklike posysje foar de Fryske Akademy.

Moaie takomst


Op 22 febrewaris is yn de Provinsjale Steaten posityf besletten oer de útkomsten fan it GFTK: Gearwurkingstrajekt Fryske Taal en Kultuer (side 02). It jout in earste útwurking oan de oanbefellings fan de Taskforce (2019) en it ûntwikkeljen fan in kennisaginda foar Fryslân. De Fryske Akademy krige fan Steateleden en fan it Kolleezje komplimenten foar hoe't dy him ferhelle hat sûnt it Steatebeslút yn 2019; de Fryske Akademy is goed op wei nei in moaie takomst.

Der is in ûndersyk dien nei de kânsen en mooglikheden om ús efterban op nije wize by ús te belûken en mear gear te wurkjen. Jitske de Hoop hat in advys te skreaun oer hoe't we de mearwearde fan de relaasje ta de Akademy fergrutsje kinne foar ús leden, stipers en wurkferbannen/wurkgroepen en oarsom. Op woansdei 8 maart hat der in moaie gearkomste west mei wurkferbannen en meiwurkers (side 12). Der lizze in soad kânsen en punten fan omtinken, dat wy sille de tiid nimme om plannen te meitsjen foar de takomst.

Wat ús wittenskiplike kearntaak oanbelanget en de kollega's dy't dit ûndersyk útfiere, dêroer kinne jo in soad lêze yn dizze *Ut de Smidte*. Bygelyks oer ús kollega André Looijenga (side

08), oer de nije útjeften fan *Freeska Landriucht* (side 05) en *De Winskhoed* (side 06).

Der stiet noch folle mear yn dit nûmer, dat jo moatte mar gau fierder lêze!



Provinsjale Steaten stimme yn mei Gearwurkingsaginda Fryske Taal en Kultuer	02
KNAW Early Career Partnership	03
Alex Kerkhof: Ferbiner fan taal, geografy en skiednis	03
Podcastrige Het Dialectenbureau	04
Spesjale edysje fan DIALECTOLOGIA	05
Nije útjefte fan Frysk Lânrycht	05
De Winskhoed fan Fortunatus	06
Twa nije Regionale Dossiers	07
Meiwurkers & gastûndersikers	08
It begjin fan it Frysk as literêre taal	08
COLING bringt ûndersikers byinoar	10
Undersyk nei taalaksinten	11
Rymwurdboek	11
Wurkgroepen en wurkferbannen bynoar yn gearkomste	12
Oprop foar lêzings	12
Lyts en Grut Frysk Diktee 2023	13
Sieperda-symposium	14
Hjerstgearkomste maritime skiednis	14
Winterskoft mei Akademylêzings	15
Aginda	16
Paadwizer	16
Kolofon	16

Provinsjale Steaten stimme yn mei Gearwurkingsaginda Fryske Taal en Kultuer

Provinsjale Steaten fan Fryslân hawwe op 22 febrewaris ynstimd mei de Gearwurkingsaginda Fryske Taal en Kultuer (GFTK). Dat dokumint, skreaun troch Folkert Kuiken en Akademy-direkteur Nelleke Ijssennagger-van der Pluijm, wie de earste oanset om in útwurking te jaan oan de oanbefellings fan de Taskforce Fryske Akademy en it ûntwikkeljen fan in eigen kennis- en wittenskiplike foar Fryslân.

As it giet om de kennisaginda spesifyk foar de Fryske taal en kultuer, waard útsteld om de GFTK konkreet foarm te jaan yn (1) in kennisaginda, (2) in mission statement foar de Fryske taal - in langetermyn doelstelling mei in roadmap, en (3) de realisearje fan in mienskiplike útfieringsaginda. De útwurking op it nivo fan doelstellingen sil syn gerak krije yn de nije Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer (BFTK). De trije yntsjinne moasjes "Mear Europeeske gearwurking", "Tarieding en finansjes kertiermakker meinimme

yn ramtnota" en "Leerstoel Frysk" binne oannommen.

Gearwurkingstrajekt

Yn 2020 is troch de Provinsje Fryslân in gearwurkingstrajekt úteinset mei as doel in kennisaginda op te stellen foar it Frysk yn ûndersyk, ûnderwiis en maatskippij, en op it mêd fan Fryske identiteit, kultuer, erfgoed, skiednis en literatuer. Dat barde yn neifolging fan in beslút fan Provinsjale Steaten d.d. 18 desimber 2019 nei oanlieding fan oanbefellings troch de Taskforce Fryske Akademy. □

Hawwe wy jo e-mailadres al?

Wy wolle jo graach op 'e hichte hâlde fan it lêste nijs fan de Fryske Akademy. Ien kear yn de moanne ferstjoere wy in digitale nijsbrief nei al ús leden en stipers, as oanfolging op de papieren *Ut de Smidte*.

→ Wolle jo ús nijsbrief ek ûntfange? Stjoer dan in e-mail nei fa@fryske-akademy.nl mei jo gegevens.



Alex Kerkhof wint Wittenskiipspriis Campus Fryslân

Dr. Alex Kerkhof fan de Fryske Akademy is de winner fan de Wittenskiipspriis Campus Fryslân 2023. Kerkhof (1988) die ynterdissiplinêr ûndersyk nei it ferdwinen fan it 'Frysk' út Seelân en Hollân yn de betide en hege midsiuwen. →



KNAW Early Career Partnership foar Nelleke Ijssennagger-van der Pluijm

Dr. Nelleke Ijssennagger-van der Pluijm, direkteur-bestjoerder en ûndersiker by de Fryske Akademy, hat ien fan de tsien KNAW Early Career Partnerships (ECP) takend krigen. Mei dit KNAW Early Career Partnership kinne ûndersikers innovative ideeën of metoaden foar ûndersyk ferkenne. Hja krije hjirfoar in bedrach fan € 10.000 takend, om in ynterdissiplinêre gearkomste te organisearjen.

Lagen fan betsjutting

Ijssennagger-van der Pluijm is der tige wiis mei, dat se it ECP takend krigen hat: "It jout my in prachtige kâns om de ynterdissiplinêre gearwurking fierder út te bouwen. Yn myn gefal giet dat oer it sintraal stellen fan de kust en it tijlgebiet as holistysk ûndersykstema en as lânskip fan lagen fan betsjutting, dy't net mei-inoar konkurrearje moatte soene. It is in moaie kâns foar gearwurking yn Fryslân - yn it foarste plak mei prof. Theunis Piersma fan BirdEyes, mar ek mei oaren - en ynternasjonaal. Want dit tema ferbynt Fryslân mei de hiele wrâld."

Promovearre ûndersikers

It KNAW Early Career Partnership kin takend wurde oan promovearre ûndersikers dy't wurksum binne by in universiteit of ûndersyksynstitút Nederlân, ynklusyf it Karibysk diel fan it Keninkryk, en net langer as sân jier lyn promovearre binne. Per jier krije maksimaal tsien ûndersikers in ECP. □

Yn 2023 binne KNAW Early Career Partnerships takend oan:

Michelle Achterberg, Erasmus Universiteit Rotterdam - *An interdisciplinary perspective on developmental sensitivities in dealing with social rejection*

Emmanuel Akwasi, Adu-Ampong, Wageningen University & Research - *Tourism, memory and heritage: making sense of slavery heritage in the Ghana-Suriname-Netherlands Triangle*

Matthew Dennis, Technische Universiteit Eindhoven - *Interdisciplinary approaches to reimagining digital well-being*

Philippe van Gruisen, Universiteit Leiden - *De brede welvaartseffecten van (arbeids) migratie*

Nelleke Ijssennagger - van der Pluijm, Fryske Akademy - *Coastal wilderness and cultural landscape? Repositioning coastal and tidal areas as a cross-disciplinary research topic*

Anahita Jamshidnejad, Technische Universiteit Delft - *How can systems and control theory contribute to creating social and cognitive systems?*

Alena Kamenshchikova, Maastricht University - *Periphery at the centre: Towards new transdisciplinary approaches of cross-border infectious mobility*

Marieke Klein, Radboud Universiteit - *Mind your body!*

Stefan Lipman, Erasmus Universiteit Rotterdam - *Health's impact on well-being: the philosophy and economics of estimating welfare-relevant preferences in healthcare*

Marie Petersmann, Universiteit van Tilburg - *Law and more-than-human societies*

Ferbiner fan taal, geografy en skiednis:

As histoarysk taalkundige en histoarikus mei kennis fan geografy en plaknammekunde sjocht Alex Kerkhof oer tema's hinne en ferbynt dy op ynspirearjende wize. Ut namme fan de gemeente Ljouwert rikke wethâlder Nathalie Kramers yn it stedhûs fan Ljouwert de Wittenskiipspriis út.

Jong talint

De sjuery fan de Wittenskiipspriis Campus Fryslân 2023 is ûnder de yndruk fan it jonge talint dat ûndersyk docht oangeande Fryslân. Foarsitter prof. dr. Anne Beaulieu priizet it ferskaat fan de ynstjoeringen en sjocht dat ûndersikers hieltyd faker ynterdissiplinêr wurkje. "Dat is in wichtige ûntjouwing yn de wittenskiip, dy't ek wat seit oer hoe't

fernijende wittenskiip yn Fryslân bedreaun wurdt. Dat is te sjen yn 'e fraachstelling en ek yn hoe't wittenskippers oer harren ûndersyk kommunisearje en hoe't se it konkreet ymplementearje. Yn it ûndersyk fan dr. Alex Kerkhof sjogge wy dat hiel dúdlik werom en it makket dat dy wittenskiplike bydragen stik foar stik

ynnovatyf binne en oansette ta diskusje."

De oare twa nominearren wiene Wido Heeman fan it MCL (Clinical translation of laser speckle contrast imaging) en Deike Schulz fan NHL Stenden Hegeskoalle (The construction of organizational legitimacy in online communities). □

Podcastrige Het Dialectenbureau

Yn de 9-dielige podcastrige *Het Dialectenbureau* makket professor Marc van Oostendorp in fleurige reis troch Nederlân. Mei bekende ambassadeurs út hiel Nederlân set er it dialekt op in fuotstik. Want 'dialekten driigje te ferdwinen', of dochts net? Yn ôflevering 1 giet it oer ferset. Us ûndersiker Liuwe Westra levere in bydrage oangeande it Frysk.

Steat fan it dialekt

Yn *Het Dialectenbureau* docht professor Marc van Oostendorp ûndersyk nei de funksje, it moaie en de hjoeddeistige steat fan it dialekt yn Nederlân. As taalkundige en dialektoloch is Van Oostendorp in absolute autoriteit op it mêd fan dialekt. Mar hy docht syn ûndersyk net allinne.

Yn 9 ôfleverings moetet er tal fan dialektsprekkers út it hiele lân, dy't in lâns brekke foar hârren dialekt. Fan Jack Poels (Limboarchsk) oant Katinka Polderman (Siuwsk) en fan SMIB (Strjittetaal) oant TikTok Tammo (Grinslânsk); hiel Nederlân komt oan bod. De harker fan *Het Dialectenbureau* krijt antwurd op de fraach wêrom't it dialekt noch altiten sa djip yn ús siel ferankere is en wat dat te krijen hat mei nostalgia, tradysje, ferset, striid, grutskens en ferbining.

Het Dialectenbureau ôflevering 1: ferset

It tema fan de earste ôflevering is ferset. Fan de Friezen dy't fjochtsje foar in eigen taal en de jongerein yn de Bijlmer dy't hârren mei strjittetaal ôfset. Fan Bennie Jolink dy't it wurd 'boerenlul' omearme hat as geuzenamme oant de kleau tusken stêd en plattelân al yn 1981 konstatearre. Mar wa't goed harket, sjocht fral de oerienkomsten tusken dizze dialektpraters.



Dialektsprekkers

De dialektsprekkers yn de earste ôflevering binne: sjonger fan streektalrockband Normaal: Bennie Jolink (Nedersaksysk), kolumnist fan NRC en

skriuwer fan it strjittetaal-wurdboek Smibanese: Professort Soortkill (Strjittetaal), én ûndersiker oan de Fryske Akademy: Liuwe Westra (Frysk). □

→ www.maxvandaag.nl

→ Podcast

→ Het Dialectenbureau

→ #1 Verzet



Akademy-publikaasjes kinne jo keapje fia

www.afuk.nl



Spesjale edysje fan DIALECTOLOGIA oer dialektklassifikaasjes fan talen yn Europa

Yn oparbeidzjen mei kollega's fan de University of the Basque Country (Baskelân) en de Slovenian Academy of Sciences and Arts (Slovenië) wurket prof. dr. Hans Van de Velde (Fryske Akademy/ Universiteit fan Utert) oan it DIACLEU-projekt: *Dialect Classifications of Languages in Europe*.

It doel fan dit projekt is it publisearjen fan in folslein, aktueel en histoarysk oersjoch fan dialektklassifikaasjes fan de yn Europa sprutsen endogene talen.

Hjiryn wurde alle klassifikaasjes sammele dy't oant no ta foar dizze talen publisearre binne en makket se dêrmei tagonklik foar in ynternasjonale publyk. Elke paper is skreaun neffens in

→ www.diacl.eu/



bepaalde struktuer, sadat ferlykjend ûndersyk mooglik is.

Earste resultaat

It earste resultaat fan it DIACLEU-projekt is no ferskynd: in spesjale útjefte fan it iepen access tydskrift DIALECTOLOGIA, ûnder redaksje fan it DIACLEU-ûndersykstiim: Gotzon Aurrekeotxea, Ariane Ensunza, Jožica Škofic en Hans Van de Velde. Yn totaal ferskine fjouwer spesjale

edysjes fan DIALECTOLOGIA oer dialektklassifikaasjes fan talen yn Europa.

Yn it earste nûmer steane artikelen oer it Baskysk, Finsk, Gallo-Romaansk, Grienlânsk, Iersk, Italiaansk, Lúksemboarchsk, Noarsk en Welsh. Yn in lettere edysje komt ek it Frysk oan bar, yn in paper skreaun troch prof. dr. Arjen Versloot (Ryksuniversiteit Grins/ Universiteit van Amsterdam). □

Nije útjefte fan Frysk Lânryocht

Om 1485 hinne waard de iuwenâlde samling fan it Aldfryske rjocht printe, foar in part datearjend út 'e 11e iuw. Dy ynkunabel waard bekend ûnder de namme *Freeska Landriucht of Frysk Lânryocht*. Yn de tekst waarden ek Latynske glossen opnommen, mei ferwizings nei it Kanonike en Romeinske rjocht, in tradysje dy't yn 'e 13e en 14e iuw ûntstien wie.

Dr. Han Nijdam (Fryske Akademy), prof. em. mr. Jan Hallebeek en prof. mr. dr. Hylkje de Jong (Vrije Universiteit Amsterdam) presintearren op moandeitemidde 8 maaie in nije útjefte fan it *Freeska Landriucht*, nammentlik de earste krityske edysje mei in Ingelske oersetting: *Frisian Land Law. A Critical Edition and Translation of the Freeska Landriucht*.

Pakesizzer Klaas Fokkema

It earste eksimplaar waard oanbean oan prof. dr. Jan Willem Sap. Sap is as rjochtsgelearde ferbûn oan de Vrije Universiteit Amsterdam, mar is ek de pakesizzer fan prof. dr. Klaas Fokkema, heechlearaar Frysk, dy't yn 1967 hommels ferstoar wylst er noch oan it wurk wie oan in edysje fan *Freeska Landriucht*. It wie al kommen ta in earste printkladde fan útjouwerij Martinus Nijhoff, dy't de rige "Oudfriese Taal- en

Rechtsbronnen" fersoarge. De nije edysje is útbrocht by de ynternasjonale útjouwerij Brill, yn de rige *Medieval Law and Its Practice*. It is moai om te witten dat ûnderwilens Martinus Nijhoff in imprint wurden is fan Brill. □



→ It boekwurk is op papier te besetten, mar ek tagonklik as (fergees del te laden) open access E-book.
→ <https://ap.lc/ipwej>



→ Nijdam, Han; Jan Hallebeek en Hylkje de Jong (ed.), *Frisian Land Law. A Critical Edition and Translation of the Freeska Landriucht*. Leien: Brill. Rige: *Medieval Land and Its Practice: Volume 33*. ISBN 9789004514713. 449 siden. Priis: € 167,86.

De Winskhoed fan Fortunatus

Foar it earst is de ferhalesyklus *De Winskhoed fan Fortunatus* fan Waling Dijkstra (1821-1914) yn boekfoarm ferskynd. Abe de Vries, gastûndersiker by de Fryske Akademy, brocht de ferhalen yn in justjes modernisearre Fryske stavering byinoar en fersoarge ek de oersetting nei it Nederlânsk en in ynliding op it wurk. It boek is de trettjinde útjeftje yn de literêre Iduna Rige fan de Fryske Akademy (Akademy-nûmer 1140) en is útjûn troch útjouwerij DeRyp.

Fjouwer Waling Dykstra's

Abe de Vries presintearre syn boek yn Spannum op 2 juny 2023. Mar leafst fjouwer Waling Dykstra's krigen út hannen fan Abe de Vries in earste eksimplaar fan *De Winskhoed fan Fortunatus*: trije tonielspiilers dy't yn it iepenloftspul 'Wat bisto leaflik' Waling Dykstra spylje en ien 'echte' Waling Dykstra, in famyljelid fan de skriuwer Waling Dykstra. □



→ Vries, Abe de, P. Boersma, (ed.), E. Bruinsma (ed.), G. Jensma (ed.), M. Reitsma (ed.) & J. Spoelstra (ed.) (2023). *De Winskhoed fan Fortunatus / De Wenshoed van Fortunatus*. Waling Dijkstra. Iduna Rige 13. Fryske Akademy-nr. 1140. Koudum: Utjouwerij DeRyp. ISBN 978-90-832694-4-3. → Priis: € 19,95

'It bidlerskertier' (fragmint)

Ik kaam ris yn de neibyeheid fan in âld boufallich dykshûs, dat bûtendoar genôch sjen liet dat it net de went wie fan earlike krigele earmoed, mar fan in smoarge skoaiershúshâlding; de foddien en bellen op 'e line, sa giel as in term, en de fûlnisheap foar de doar, dêr't by alles wat onhuerich wie, kofjetsjok en jiske, âlde skuon, swartbaarnde potdiggels, healferrotte stoelsmatten, lappen en flarden fan allerhande kleuren op gearbruid wienen, bewiisden my dat; want my tocht, in byinoarhâldend aard hie in hele bulte fan dat rêding, dat dêr nou ta 'n walch fan de foarbygonger lei, noch wol ta brânje brûkt. Dêrta wienen ynpleats de beammen fernield, dy't om 't hûs hinne stiene.

In bidlerswiif sjagle foar my út, mei in foege jonge by har, dy't onferskillich en sleau, mei syn stokje hjir en dêr de koppen fan de blommen en gersraaien ôfsloech.

"Albert!" sei syn mem tsjin him, wylst hja him op trije boerehuzen wiisde, dy't in eintsje 't lân yn stiene; (it foetpaad fan de dyk ôf derhinne wie njonken har). "Albert! Skoai do nou dy boeren gau noch ris ôf, dan sil ik wilens de kofje klear meitsje."

"k Ferdome it", sei er koel wei, wylst er de klute nei-eage dy't er op in keppeltsje protters yn de beam ôfstjoerd hie.

"Ferklokte gau!" (Wilens waard er mei in stive earm en in strakke troanje nei de hikke wiisd dêr't er om moast). "En oars wat op dyn bealch!"

"Ei, ik ferdome it! Ik krij dochs gjin duvel; jo hawwe dêr ommers al west."

"Wat dondert dat? Derhinne! Sis mar dat dyn âlden beide dea binne."

"Dan sizze se: 'Dan moatte se dy ûnderhâlde dêrst wei bist.'"

"Nou sûch! Do bist ommers net op 'e bek fallen! Sis dan dat de fâden fan twa doarpen derom pleitsje wa't dy ûnderhâlde moat, en dat gjinien fan beiden dy nou oannimme wol."

"Ik ferdome it! Nou witte je 't!"

"Dat sil ik de duvel ris wiis meitsje!" Dêrop naam se him by de flarden, skuorde him 't stokje út de hân, dat it fel oan de rodzige bast sitten bleau, joech him in pear fegen dat er yninoar kromp, en skopte him doe fan de dyk ôf nei de hikke, wylst 't hja him it stokje efternei smiet. Doe gyng de jonge, snotterjende en skellende op syn mem, op dy trije boeren los, en 't wiif gyng yn 't bidlerskertier; want dat waard hâlden yn 't boppe beskreaune dykshûs.

Twa nije Regionale Dossiers

Us Mercator Europeesk Kennisintrum foar Meartaligens en Taallearen hat twa nije *Regionale Dossiers* útbrocht. It giet om de tredde en folslein aktualisearre edysje fan it dossier *The Slovene language in education in Austria* en de twadde en folslein aktualisearre edysje fan it dossier *The Lithuanian language in education in Poland*.

De Sloveenske taal yn it ûnderwiis yn Eastenryk

Dit regionale dossier is yn 2023 aktualisearre troch Ursula Doleschal. Doleschal, PhD, is heechlearaar Slavyske taalkunde en haad fan it skriuwsintrum oan de Universiteit fan Klagenfurt (Eastenryk).

De Litouske taal yn it ûnderwiis yn Poalen

Jowita Niewulis-Grablunas, PhD en Piotr Grablunas, PhD hawwe it regionale dossier oangeande it Litousk yn Poalen bywurke. Beide wurkje se by it Institute of Applied Linguistics, Department of Unique Languages and Literatures oan de Adam Mickiewicz Universiteit yn Poznań, Poalen.

Fan beide dossiers binne de hichtepunten te lêzen op de website fan it Mercator kennisintrum, lykas in gearfetting fan de dossiers yn trije talen.

Rige Regionale Dossiers

Mei de Regionale Dossiers leit it Mercator Kennisintrum de fokus op it ûnderwiissysteem yn Europeeske regio's mei in autochtoane minderheidstaal en hoe't dy minderheidstaal in plak krijt binnen dat systeem. De *Regionale Dossiers* binne skreaun neffens in fêst stramyn, sadat se brûkt wurde kinne foar ferlykjend ûndersyk. Alle *Regionale Dossiers*, sawol de nije as de âldere edysjes, binne fergees del te laden fan de website fan Mercator. □



www.mercator-research.eu

→ Regionale Dossiers



Meiwurkers & gastûndersikers

Nei in tsjinstferbân fan mear as 36 jier, gie histoarikus **prof. dr. Hans Mol** begjin desimber foarich jier út tsjinst fanwege syn pensjonearring. Mei in mini-symposium waard op 20 jannewaris ôfskied fan him naam. In echt ôfskied is it lykwols net alhiel, omdat er de kommende tiid oan de Akademy ferbûn bliuwt as gastûndersiker foar it projekt Kleasters yn Midsiuwsk Fryslân.

Postdoc-ûndersiker Laboratoarium Sosjolingwistyk **dr. Cesko Voeten** ferruile de Fryske Akademy foar de Universiteit van Amsterdam mei yngong fan 2023. **Dr. Simon Coupland** en **Abe de Vries** hawwe in oanstelling

krigen as gastûndersiker. Foar Coupland is dat fan begjin dit jier ôf en foar De Vries fan april ôf.

Nei in sa'n fjouwer jier yn Ljouwert taholden te hawwen, koe **dr. Ruth Kircher**, postdoc-ûndersiker Sociolinguistyk by Mercator, fan 't maitiid in baan krije yn har berteregio by it European Centre for Minority Issues (ECMI), te Flensburg (D).

Helga Kuipers-Zandberg is op 12 juny út ein setten as ûndersyksmeiwurker by it Mercator Europeesk Kennisintrum foar meartaligens en taallearen. Earder wurke sy ek foar Mercator. □

Promoasjeûndersyk André Looijenga

It begjin fan it Frysk as literêre taal

André Looijenga (Tersoal, 1982) wurket sûnt 2022 by de Fryske Akademy as leksikograaf foar it Online Nederlânsk-Frysk Wurdboek (ONFW). Nei de simmer set hy in nije stap yn syn ûndersykskarriêre: hy hat in promoasjeplak krigen oan de Universiteit van Amsterdam (UvA) en de Fryske Akademy.

Fan herte lokwinske, André! Wat sil it ûnderwerp fan dyn ûndersyk wêze?

"Tankewol! Myn dissertaasje sil gean oer de opkomst fan it Frysk as lytse skriuwtaal tusken 1580 en 1710, besjoen fanút 'e meartalige kultuer fan dy tiid. It wurdt in ûndersyk op de oerlaap fan histoaryske sosjolingwistyk mei letterkunde en kultuerskiednis. Arjen Versloot wurdt myn promotor.



Neidat earste helte 16de iuw de Aldfryske skriuwtradysje ferdwûn wie, kaam fan likernôch 1600 ôf it Frysk wer werom as skreaune en printe taal, mei Gysbert Japicx as fierwei de bekendste namme. Oebele Vries hat de ein fan it Aldfrysk beskreaun, ik sil te set mei it begjin fan it Frysk sa't it no noch as literêre taal bestiet. Dat begjin leit yn in Fryslân dat him op 'e nij oan it útfinen wie nei de kalvinistyske reformaasje, yn de oarloch tsjin de Spaanske kening, as in selsbewuste republyk mei in eigen universiteit en in foarstlik hof.

De 17de-iuwske teksten yn it Frysk binne eins allegear ta in hichte literatuer. Foar alle praktyske saken skreauwen se yn Fryslân yn (foarmen fan) it Nederlânsk, literêre en gelearde saken in protte yn it Latyn, en soms skreauwen se ek yn it Frânsk. Frysk waard skreaun troch minsken dy't dy oare talen ek skreauwen en liezen, dy't neffens my hast allegear nei de Latynske skoalle west hiene. Wa wiene de auteurs fan Fryske teksten? Wat foar keuzes meitsje hja by it skriuwen yn it Frysk? Wêrby slute se har oan en wêr sette se har tsjinôf? Hokker sjenres skriuwe se, en wat skriuwe se net yn it Frysk?

In wichtich part fan it ûndersyk wurdt dat ik de netwurken sichtber meitsje sil: tusken de yndividuele auteurs, harren geletterde freonen, stipers, learaars, literêre foarbylden. Dêrby komt dat ik de 17de-iuwske Fryske situaasje ferlykje wol mei oare 'lytse talen' yn it ier-moderne Europa. Sa hast bygelyks dat yn Súdwest-Frankryk, in generaasje of wat neidat it Frânsk dêr de dominante skriuwtaal wurden wie, nei 1560 ynienen ek (wer) yn it Oksitaansk nije poëzij skreaun en printe waard. Troch akademyske en religieuze kontakten leinen Navarra en Toulouse yn de 17de iuw tichter by Fryslân as datst ferwachtsje soest." →

Undernimmingsried

De Undernimmingsried (UR) fan de Fryske Akademy is sûnt begjin 2023 wer foltallich mei fiif persoanen.

De sittende leden **Eduard Drenth** (foarsitter) en **Han Nijdam**, krigen selskip fan **Nika Stefan** (fise-foarsitter),

Liuwe Westra (skriuwer) en **Anne Mulder**. Fan **Willem Visser**, oant de ein fan 2022 skriuwer, waard ôfskied naam. □



Liuwe Westra is no skriuwer fan de Undernimmingsried.

Wat wurdt tenei dyn wurkplak?

"Ik bliuw in diel fan 'e wike hjir yn Ljouwert op 'e Akademy, in diel fan 'e wike sil ik op 'e UvA oan it wurk. Ik sjoch der eins wol nei út om alle wiken nei Amsterdam ta. It is in foarrjocht om de ier-moderne tiid te bestudearjen op plakken dêr't de kultuer yn de 17de iuw bloeide. Boppedat: mei myn ûndersyk wol ik graach de frisytyk mear ferbine mei oanswettende fakgebieten lykas Nederlânske histoaryske letterkunde, ier-moderne skiednis en Neo-Latyn."

Hoe kaam dit promoasjetrajekt sa op dyn paad?

"Nei myn stúdzje Gryksk en Latyn yn Grins haw ik my hieltyd mear op Frysk en it skriuwen yn it Frysk talein. Sa kamen it 17de-iuwske Frysk en it Latyn út it ier-moderne Fryslân, hast as fansels, op myn paad. Ik haw bygelyks as gearstaller meiwurke oan de blomlêzing *Swallows and Floating Horses*. En neidat ik yn septimber 2022 op it *Frisian Humanities*-kongres nei oanlieding fan de dichter en oersetter Petrus Baardt sprutsen haw oer it bestudearjen fan ier-modern Frysk yn in sawol regionaal as Europeesk meartalich ramt, haw ik dat plan neier útwurke as myn eigen ûndersyksfoarstel foar de fakatuere by de Akademy en UvA."

Do wurkest op dit stuit as leksikograaf by de Fryske Akademy én as dosint klassike talen yn it fuortset ûnderwiis. Wat betsjut dizze nije stap foar dyn hjoeddeistige wurksomheden?

"It promovendus wêzen wurdt nei de simmerfakânsje myn baan. Dat lit him eins net kombinearje mei it wurk oan it ONFW of mei lesjaan op in middelbere skoalle. Net mear foar de klasse stean wurdt wol in grutte feroaring, – de ôfrûne twa jier joech ik Latyn oan it RSG yn Stienwyk, dêrfoar oan ferskate skoallen yn Fryslân. It wurkjen mei boppeboulearlingen op it VWO sil ik misse, mar ik sil grif yn 'e kommende fjouwer jier dat it promoasjetrajekt duorret wolris kolleezje jaan. Neist myn dissertaasje sil ik yn alle gefallen in pear taken op my nimme foar de fuortsterking fan it letterkundich ûndersyk oan de FA."

Wannear moat dyn dissertaasje klear wêze?

"Der stiet fjouwer jier foar, dus it doel is 2027. Myn fjirdeklassers yn Stienwyk kinne trouwens amper leauwe dat je fjouwer jier oan in ûndersyk wurkje, mar wolle al graach in útnûging foar de ferdigening."

No wiesto koartlyn om in oare reden yn it nijs. Dyn debútbondel Fuortsjefinne: fragminten is krekt ferskynd. De ferantwurding efteryn dyn dichtbondel slútsto ôf mei in tankwurd oan ûnder oaren Gysbert Japicx foar de "ynspirearjende gearwurking". Wat seit sa'n tanksizzing oer dyn poëzij?

"Wat ik skriuw, moat wat nijs tafoegje oan wat der al bestie. Tagelyk binne taal en literatuer in trochgeande tradysje. Ik kies derfoar om yn it Frysk te skriuwen en dêrmei kies ik der ek foar om my te ferhâlden ta de foargeande generaasjes dy't yn it Frysk skreaun ha. It ferline fan it Frysk en syn literatuer jouwe in djipgong dy't neffens my bot bydraacht oan betsjuttingsfolle nije poëzij yn it Frysk. Myn eigen dichtsjen en myn stúdzje fan Fryske taal, skiednis en letterkunde binne foar my ûnderdiel fan ien en deselde yntellektuele libbensreis.

Gysbert haw ik yn it tankwurd ek neamd om de lêzer te attindearjen op ferwizings nei Gysbert dy't yn fersen fan my sitte. Ynklysyf in healwize dekonstruksje fan syn sublime *Nacht-rest-bejerte æf Juwn-bede*. As klassikus bin ik der frijwat op traand hoe't yntertekstualiteit ekstra lagen oanbringt yn literêre teksten. Ik hoopje dat ik sa skriuw dat it útnûget om binnen te stappen, mar dat it oan betsjutting en djippte wint troch it op 'e nij te lêzen. Sa't Bouke Slofstra it by de boekpresintaasje moai sei: "Fuortsjefinne is 'net leechdromplich', mar wol 'tagonklik'. En myn Fryske poëzij is hiel bewust net twatalich, mar krekt wol oant yn it moarch polyglot." □

COLING bringt ûndersikers byinoar

Meardere kollega's fan Fryske Akademy/Mercator hawwe de ôfrûne tiid nei it bûtenlân ta west yn it ramt fan it Europeeske COLING projekt. Hans Van de Velde, Nelleke IJssennagger-van der Pluijm en Charlie Robinson-Jones diene ûndersyk yn it Italiaanske Kalaabrje en Wilbert Heeringa en Katharina Thomas reizgen nei Letlân. Earder al hat it COLING-partnerskip resultearre yn ferskate presintaasjes fan ús kollega's yn Poalen en Itaalje en yn in detasjearring fan Fryske Akademy-ûndersiker Edwin Klinkenberg oan de Texas University yn Austin (USA). Mar wat hâldt dat COLING no yn?

It COLING-projekt waard yn 2018 lansearre mei it doel om ynnovative metoaden foar taalrevitalisaasje te ûntwikkeljen. Ekstra omtinken dêrby is der foar sterk bedrige minderheidstalen en -kultueren, lykas it Greco, Nahuatl en Mixtec. Sân Europeeske partners wurkje yn it COLING-projekt gear mei seis ynstellingen yn de Feriene Steaten en Mexico. Stipe krijt COLING út it Marie Skłodowska-Curie Actions RISE-budzet binnen it ûndersyks- en ynnovaasjeprogramma Horizon 2020/Horizon Europe. It COLING projekt wurdt koördinearre troch de universiteit fan Warschau en rint noch oant en mei septimber 2023.

Platfoarm

Mei de ûntwikkeling fan in online platfoarm (colingua.eu) dat rjochte is op minderheidstalen en bedrige talen, wol COLING nije ûnderwiismetoaden, learare-opliedings en kurrikula foar minderheidstalen oanbiede dy't it learen fan dizze talen makliker meitsje. Op it platfoarm steane praktyske gidsen en wurdboeken, lykas materialen en syllaby foar spesifike talen en sjabloanen dy't oanpast wurde kinne oan alle talen dy't no of yn de takomst by it projekt belutsen binne.

Ek wol de projektgroep de foardielen fan twa- en meartaligens promoatsje en it behâld en de wurdearring fan taalkundich en kultureel ferskaat oanmoedigje. Fierder wol de COLING-groep engazjearre gearwurking befoarderje tusken akademyske, non-profit en maatskiplike organisaasjes troch kontakten,



workshops en detasjearings te organisearjen foar ûndersikers op ferskate gebieten en taalaktiviteiten fan alle dielnimmende ynstellings. □

→ Mear oer de resultaten fan dit wiidweidige projekt kinne jo lêzen yn de folgjende edysje fan *Ut de Smidte*.



Katharina foar, Wilbert rjochts



Charlie en Hans, 2de en 5de fan links

Dielnimmers

- University of Warsaw, Faculty of Artes Liberales, Poland
- Adam Mickiewicz University in Poznań, Faculty of Modern Languages and Literatures, Poland
- University of Groningen, the Netherlands
- Leiden University, the Netherlands
- Fryske Akademy/Mercator, Leeuwarden, the Netherlands
- Gruppo di Azione Locale per lo Sviluppo Rurale dell'Area Grecanica, Italy
- Latgolys Studentu centrs, Latvia

Partners

- Yale University, USA
- The University of North Carolina at Chapel Hill, USA
- The University of Texas at Austin, USA
- Smithsonian Institution, USA
- ARENET, The Americas Research Network
- Instituto de Docencia e Investigación Etnológica de Zacatecas, Mexico

Undersyk nei taalaksinten

Mear as tûzen respondinten

Yn de hjerst/winteredysje fan 2021 fan *Ut de Smidte* stie in oprop foar sprekkers fan it Frysk om te helpen by de tarieding fan ús ûndersyk nei aksinten yn Fryslân.

“Dat der ferskate dialekten fan it Frysk binne, en dus ek ferskate aksinten, is fansels goed bekend. It is lykwols net bekend hoe goed oft sprekkers fan it Frysk dy aksinten sels te plak bringe kinne. Wy woene dêr graach mear oer witte en hawwe dêrfoar in online-eksperimint taret”, seit dr. Nika Stefan, ien fan de ûndersikers op dit projekt. De oare ûndersikers binne prof. dr. Hans Van de Velde, Martijn Kingma MA, dr. Anne-France Pinget en dr. Cesko Voeten.

Ferskillende plakken

Krekt foar dat eksperimint wiene de ûndersikers op syk nei sprekkers út ferskillende plakken fan Fryslân. De sprekkers waarden opnommen en út elk petear waard in koart lûdsfragmint selektarre om ôf te spyljen yn it online-eksperimint. De dielnimmers oan dat eksperimint krigen tsien fragminten te hearren en moasten op in ynteraktive kaart fan Fryslân oanjaan wêr't sy tochten dat de sprekkers weikamen.



It Frysk libbet

Elkenien koe deroan meidwaan: it smiet mear as tûzen respondinten op. Nika Stefan: “Dat lit sjen dat it (ûndersyk nei) Frysk sterk libbet yn de mienskip en wy fine dat fansels prachtich!”

Op dit stuit binne de taalkundigen drok dwaande mei it analysearjen fan de resultaten, mar se kinne alfêst sizze dat sprekkers fan it Frysk oer it algemien aardich goed hearre kinne wêr't de oare sprekkers weikomme. Fansels binne net alle aksinten like maklik te plak te bringen. Yn in takomstige edysje fan *Ut de Smidte* fertelle de ûndersikers dêr graach mear oer. Stefan beslút: “Foar no wolle wy elkenien dy't meidien hat, sawol de sprekkers as de harkers, fan herte betankje foar harren stipe!”. □

Rymwurdboek

De Fryske Akademy sil te set mei it meitsjen fan in Frysk rymwurdboek, yn gearwurking mei in tal studinten. It idee kaam fan Pieter Zijlstra, ien fan de studinten dy't ek bekend stiet as de rapper 'Sample Tekst'. Yn syn kollum yn de Leeuwarder Courant joech Zijlstra oan dat der dochs echt wol ferlet wie fan san rymwurdboek, wat it ûnder mear foar him ek makliker meitsje moat om Fryske rapnûmers te meitsjen.

Nei oanlieding fan de kollum binne wy yn petear gien mei Zijlstra. Foar it petear hie er twa maten meinaam en mei syn trijen hiene hja al neitocht oer wat der nedich wie om in rymwurdboek te realisearjen. Mei ús ict en taalkundigen wurdt it rymwurdboek yn 'e



Pieter Zijlstra (r) en syn maten litte MT-lid Marit Bijlsma harren plan sjen

mande mei de studinten trochûntwikkele as ûnderdiel fan Fryske.nl. It stribjen is

dat de oplevering is foar de Sinteklazetiid. □

Wurkgroepen en wurkferbannen bynioar yn gearkomste

Mei de bestjoersleden fan de wurkgroepen en wurkferbannen en ferskate meiwurkers fan de Fryske Akademy is der op woansdeitemiddei 8 maart in gearkomste holden op de Fryske Akademy.

It wie in skoft lyn dat der sa'n 'live' mienskiplike gearkomste wie mei de bestjoersleden. De middei stie yn it teken fan de takomst. Sa kaam Jitske de Hoop oan it wurd, dy't ein foarich jier in ûndersyk dien hat om te kommen ta in advys oangeande de relaasje mei de wurkferbannen, wurkgroepen, stipers en leden fan de Fryske Akademy. Dêrta hat se mei de ferskate bestjoeren praat. De earste konklúzjes en útkomsten fan har ûndersyk koene dizze middei bepraat wurde.

Ferfolch

Ek kaam de ûndersyksagenda op it aljemint yn in presintaasje fan de programmakoördinatoaren Jelske Dijkstra en Simon Halink. Mei-inoar waard sjoen hoe't der ek oansluting op te meitsjen is mei de aktiviteiten fan de wurkferbannen en wurkgroepen, nei it skoft waard besocht om dit konkreter te meitsjen. It wie in middei dy't noch neier ferfolch krijt. Hoe't dat der krekt útsjen sil, is no noch net bekend. It ManagementTiim fan de Fryske Akademy is ûnderwilens mei de útkomsten fan de middei en it advys fan Jitske de Hoop te set. □



Wannear: freed 6 oktober 2023
Wêr: (oant 15.00 oere) Fryske Akademy, seal Sânwâlden
Wêr: (fan 15.30 oere ôf) Grand Café De Neushoorn

Oprop foar lêzings Dei fan de Fryske taalkunde

It Taalkundich Wurkferbân fan 'e Fryske Akademy organisearret dit jier foar de tolfde kear de Dei fan de Fryske taalkunde. De dei is ornearre foar elkenien dy't direkt of yndirekt dwaande is mei de taalkunde fan it Frysk: grammatika, fonetyk/fonology, nammekunde, leksikology, sosjolingwistyk, histoaryske taalkunde. Yn de lêzing kin oer wittenskiplik ûndersyk rapportearre wurde, mar presintaasjes fan ûndersyksplannen, fan spekulaaesjes of fan taaldatabanken binne ek wolkom. Lêzings meie holden wurde yn alle talen dy't hearre ta de West-Germaanske taalfamylje.

Om 15:00 rinne wy yn 15 minuten nei De Neushoorn ta, dêr't in nij frisytsk inisjatyf feestlik presintearre wurdt mei in lêzing en in resepsje.

Ynstjoere

Foar elke lêzing stiet in healoere (20 minuten foar de lêzing, 10 minuten foar fragen). Lju dy't in lêzing hâlde wolle kinne oant op syn lêst op moandei 4 septimber oer de e-post in gearfetting fan in heal A4, mei namme en adres, stjoere nei Eric Hoekstra (skriuwer fan it Wurkferbân):

→ ehoekstra@fryske-akademy.nl □

Jong en âld

Lyts en Grut Frysk Diktee 2023

It beide edysjes fan it Frysk Diktee binne wer holden yn de Steateseal fan it Provinsjehûs. Op 5 april mochten basisskoallebern harren bêst dwaan foar it Lyts Frysk diktee en op 23 maaie koene de folwoeksenen sjen litte wat se koene by it Grut Frysk diktee.

Marije Buma winner Lyts Diktee

Marije Buma fan de Master Frankeskoalle út Earnwâld wie de winner fan it Lyts Frysk diktee mei fiif flaters. Twadde waard Renze Stiemsma, learling fan De Griffel út Ljussens, mei sân flaters. It tredde plak wie foar Evie Dijsselhof fan de St. Gregoriuskoalle út Blauhús. Hja hie alve flaters. Der dienen yn totaal 50 learlingen fan 30 skoallen mei oan de finale fan it Lyts Frysk Diktee. Berneboeke-ambassadeur Tialda Hoozevee skreau de dikteetext en lies it diktee ek foar.

Gouden Dakje

By de folwoeksenen wie de priis – lykas yn 2022 – foar Lútsen Bakker fan Grins. Hy hie sân flaters en wûn dêrmei út Gouden Dakje. Fan de teams dy't meidiene, sprongen de teologen der út. It groepsgemiddelde fan de tsjanners



F.l.n.r.: Evie Dijsselhof, Renze Stiemsma, berneboeke-ambassadeur Tialda Hoozevee en dikteewinner Marije Buma.

fan it Wurd kaam út op 17 flaters. Se waarden folge troch de sjoernalisten en it tredde plak wie foar de Pabû-studenten. De tekst fan it Grut Diktee wie skreaun troch sjongeres Iris Kroes en gie oer it tritigersdilemma, de twivels en fragen oer wat je berikt hawwe as je tritich jier wurden binne. Iris sparre de dielnimmers net: de tekst wie pittich mei wurden as *koskitengrien*, *ljuensk*, *trewes*, dêr't se de toskan mar op stikken bite koene. Ek hoe't 'boedha's' skreaun wurde moast, soarge foar kopsoargen. □



It team teologen bestie út David de Jong, Jelle Nutma, Reinder Reitsma, Tytsje Hibma en Edna Zwerver.

Sieperda-symposium

2000 jier Friezen en har lânskip

It jierlikse Sieperda-symposium stie diskear yn it teken fan 2000 jier Friezen en har lânskip. It waard op freed 21 april holden yn Tresoar.

Dit jier fiere we de 2000ste jierdei fan Plinius de Aldere (23 nei Kristus-79 nei Kristus), dy't as ien fan de earsten it Waadlânskip beskreau. By it symposium waarden de dynamyk tusken lânskip, natuerbelibbing en identiteit yn histoarysk perspektyf set en út ferskillende gesichtspunten wei beljochte. Dat dit tema ta de ferbylding sprekt die wol bliken út de grutte opkomst.

Yn de Gysbert Japicx seal fan Tresoar waarden de taharkers nei it wolkomswurd fan Joop Koopmans, foarsitter fan it Keninklik Frysk Genoatskip, traktearre op seis lêzingen dêr't ûnderskate aspekten fan it tema yn behannele waarden. Yn min ofte mear gronologyske folchoarder hearden de oanwêzigen in soad nijsgjirrichs oer ûnder mear de ûnderskate archeologyske ynterpretaasjes fan Plinius syn ferneamde beskriuwing, oer lânskipsmetafoaren yn Aldfryske wetteksten, de ûntginning fan it lân yn de iermoderne tiid, en de romantyske byldfoarming fan it Waadgebiet.



Mark Raat oan it wurd

Akademy-sprekkers

Oan de Fryske Akademy learre sprekkers wiene Han Nijdam, Mark Raat en Simon Halink. Wa't meiertiid de lêzings nochris lêze wol, of faaks it symposium mist hat: yn it jierboek *De Vrije Fries 2023* komme de symposiumbydragen te stean. □

Winterskoft mei Akademylêzingen

De 64^{ste} rige Akademylêzingen set yn novimber útein. De rige bestiet út trije lêzingedagen fan 10.00-15.30 oere en wurdt holden yn twa groepen: groep 1 te Ljouwert en groep 2 Op 'e Jouwer.

Cybercrime

Sander Ebbers, promovendus oan NHL Stenden en it Cyber Science Center, en auteur Anne-Goaitske Breteler nimme de earste dei, tiisdei 21 novimber foar harren rekken. Ebbers hat it oer 'Hoe kun je als burger jezelf weerbaarder maken tegen cybercrime'. De lêzing fan Anne-Goaitske Breteler giet oer 'De laatste dagen van de dorpsgek, geastlike sûnens op it plattelân'.

Klimaatdebat

Op freed 19 jannewaris 2024 komt ûndersykssjoernalist Jurgen Tiekstra oan it wurd: 'Waarom het klimaatdebat voor ons allemaal een lachspiegel is'. De oare lêzing op de dei is 'Politiek gewin gaat door de maag. Betekenis van voedsel en drank aan het Friese stadhoudelijk hof in de 17^e en 18^e eeuw' fan Herman van Vliet.

Keunst

De rige wurdt ôfsletten op tiisdei 12 maart mei bydragen fan Michiel Galama en Janneke Spoelstra. Galama is lânskipsskilder/byldzjend keunstner en dosint byldzjende fakken. Hy hat it oer 'Kijken naar kunst'. Janneke Spoelstra is

leksikograaf by de Fryske Akademy en auteur. Hja fertelt mear oer: 'Wat it is om Frysk en frou en dichter te wêzen. Ynterviews mei froulju dy't nei 1987 ien of mear Frysktalige dichtbondels publisearren'.

□

Opjaan en kosten

→ De kosten foar it bywenjen fan de hiele rige komme op € 30,-. Mear ynformaasje oer opjaan en beteljen is te finen op de website fan de Fryske Akademy:

→ www.fryske-akademy.nl/akademylezingen



Hjerstgearkomste maritime skiednis

De Wurkgroep Maritime Skiednis hâldt op sneontemiddei 4 novimber fan 13.30-17.30 oere syn hjerstgearkomste. De gearkomste wurdt holden yn Kultuerhûs De Klameare yn Warkum. Der wurde twa lêzingen holden en der binne mooglikheden ta besichtiging. De earste lêzing giet oer de belutsenens fan de Warkumers by de walfiskfeart yn de 17de en 18de iuw en de spoaren dy't dêr no noch fan werom te finen binne. Ynlieder is Gerrit Twijnstra.

De hearen Jans

De oare lêzing wurdt holden troch Peter Tolsma en giet oer de hearen Jans, kofskippers en hannelslju yn de 18de iuw. Dizze hearen Jans bepaalden foar in grut part de maritime en besibbe aktiviteiten yn de stêd.

Nei de lêzings is der gelegenheid om it stêdhûs, dat hjoed-de-dei ûnderdiel is fan it Museum Warkums Erfskip, te besjen, lykas it oare gebou: De Waag. Ek kin de krekt restaurearre skipswerf De Hoop by de slûs fan Warkum besjoen wurde, dêr't oanslutend de middei besletten wurdt mei in hapke en in drankje. □



Janneke Spoelstra fertelt oer har dichteresseprojekt by de Akademylêzingen. Sa wie se ek mei Margryt Poortstra (r.) yn petear.



Hâld de aginda op ús thússide (fryske-akademy.nl) yn 'e rekken en sjoch op ús Facebook en Twitter foar aktueel nijs oangeande aktiviteiten.

→ Freed 8 septimber

Akademydei: 85ste Dies Natalis, Ljouwert

→ Sneon 9 septimber

Uit in Huis, Ljouwert

→ Sneon 16 septimber

Ekskurzje Genealogysk Wurkferbân

→ Tongersdei 28 septimber

Symposium '(Ost-)Friesische Identität? Eine kultur-historische Perspektive', Aurich (D)

→ Freed 6 oktober

12de Dei fan de Fryske Taalkunde, Ljouwert

→ Sneon 7 oktober

Weekend van de Wetenschap, Ljouwert

→ Sneon 7 oktober

Gearkomste Genealogysk Wurkferbân, Ljouwert

→ Sneon 28 oktober

Gearkomste Genealogysk Wurkferbân, Ljouwert

→ Sneon 4 novimber

Hjerstgearkomste Wurkgroep Maritime Skiednis, Warkum

→ Tiisdei 21 novimber

Akademylêzingen, dei 1, De Jouwer/ Ljouwert

→ Sneon 25 novimber

Fedde Schurer-lêzing, Ljouwert

→ Sneon 25 novimber

Presintaasje Genealogysk Jierboek, Ljouwert

→ Akademy ticht

Yn de wike tusken kryst en âld en nij is de Fryske Akademy ticht.



Coulonhûs

Doelestrjitte 8
Postbus 54
8900 AB Ljouwert/Leeuwarden
Telefoan (058) 213 14 14

✉ fa@fryske-akademy.nl

🏠 www.fryske-akademy.nl

✂ [@FryskeAkademy](https://twitter.com/FryskeAkademy)

🌐 linkedin.com/company/fryske-akademy/

📘 facebook.com/FryskeAkademy/

📷 instagram.com/FryskeAkademy/

Rekkennûmers NL30RABO0130549681
NL32INGB0000923369

Kontaktpersoanen

Ried fan Tafersjoch

Foarsitter: Seerp Y. Leistra

Heechleararen

Amsterdam (UvA):

prof. dr. Arjen Versloot

Utert: prof. dr. Hans Van de Velde

Direkteur-bestjoerder

dr. Nelleke IJssennagger-van der Pluijm

Kolofon

Ut de Smidte fan de Fryske Akademy

blêd foar leden en stipers

Stipersbydrage

De stipersbydrage foar 2023 is op syn minst € 25,00. Foar stipers yn it bûtenlân en foar studinten binne de bedraggen respektivelik € 35,00 en € 20,00. It opsizzen fan it stiperskip moat fóár 1 desimber skriftlik trochdien wurde oan de stipersadministraasje fan de Fryske Akademy.

Redaksje

Mettje de Vries en Inge Heslinga

Kopij kin oer de mail stjoerd wurde oan:

redaksje@fryske-akademy.nl

Mei de gewoane post nei:

Ut de Smidte, Postbus 54, 8900 AB

Ljouwert/Leeuwarden

tel.: (058) 213 14 14

Basisfoarmjouwing en opmaak & printsjen

GPNo, De Jouwer

Foto's

Fryske Akademy (Hindrik Sijens en

Mettje de Vries), Amanda Anusâne,

Marieke Balk, Piet Douma/PDF-grafie en

Hoge Noorden/Jacob van Essen.